

Avensearje

Nei Lukas 2:4-7

tekst en muzyk: Geartsje Douma

- 2 Einlings binne se teplak.
Joazef siket ûnderdak.
Elkenien seit: 't spyt my wol,
ús hotel is hiel'ndal fol.'
- 3 It giet nuver, it giet mâl,
Se moatt' sliepe yn in stâl.
Yn in skuorre, âld en kåld,
komt in berntsje op 'e wrâld.

Suggestjes:

- Under it sjongen kin it ferske op ienfâldige wize útspile wurde:
In groep sjongt en in pear bern meie resp.: Joazef, Marije, ezel en hotelbazen wêze.
Kûplet 1: Joazef, Marije en de ezel nei rinne Betlehim ta.
Kûplet 2: Joazef rint nei hotelbazen ta, dy't sjonge: 't spyt my wol, ús hotel is hiel'ndal fol.'
Kûplet 3: Se geane yn 'e stâl sitten en Marije nimt de poppe op 'e skoat.
- Fan in lûkkarke kin ek in ezel makke wurde troch op de stange in ezelkop te setten.
As de hânfetten troch de gatten fan de eagen stutsen wurde, kin de ezel dêr fêsthâlden wurde.
De tassen en koffers kinne yn 'e karre, mar Marije kin der ek yn sitte.

Ienfâldige attributen, b.g.:
Foar Joazef en Marije: 2 omslachdoeken (in poppe foar it tredde kûplet).
Foar de ezel in holbân mei 2 lange earen en 2 tassen.
Foar de hotelbazen: skelken.